

*In ûndersyk nei de potinsje fan in greidbuorkerij yn Ethiopië, is dat dagelikse kost?*

‘De opdracht op himsels wol, ik bin ek faak bûten Nederlân west, mar yn Afrika is wol hiel bysûnder. Ik bin der twa wike west foar in bedriuwspan en kredytoanfraach. Ethiopië is in hiel bysûnder lân. It is noait kolonisearre west en hat in prachtich klimaat.’

*Wat binne de plannen foar de greidbuorkerij?*

‘It bedriuw wurdt bestjoerd troch dr. Alem Tesfa, in Ethiopyske feedokter. Nei 33 jier yn Finlân is se weromgien nei har âlderlike bûtenpleats, sûnder man, bern en beppesizzers. Se wol in modelbuorkerij opsette dat ek as opliedingssintrum fungearret foar lokale boeren en lânboustudinten. Dêrneist moat der in ferwurkingslijn komme foar tsiis, yochert en it pasteurisearjen fan molke. Dokter Tesfa hat in prachtich bedriuw delsetten. Se is in goed foarbyld fan immen dy’t mei har jild wat goeds docht foar it lân wêr’t se wei komt.’

*Is Ethiopië geskikt foar lânbou en feeteelt?*

De potinsje is enoarm. De grûn is fruchtber, mar it wetter is in grut probleem. Net de doasis, want der falt trije kear safolle rein as yn Nederlân. It falt allinne yn stjalpen wetter. Boppedat is alles heuveleftich. Sjoch dat wetter mar ris fêst te hâlden. Ek de elektrisiteit is in knypunt. It netwurk is oerbeleste.’

*Wat foar ferskillen seagen jo mei de Nederlânske praktyk?*

‘De fjirtjin wurknimmers fan dokter Tesfa wenje op it bedriuw oars komme se miskien te let, want se moatte alles berinne. Iepenbier ferfier bestiet amper. Foar auto’s is gjin jild en kij kealje ek jûns en nachts! Op it hele terrein mei net rookt wurde en alkohol is ek net tastien. Dêrneist is de sosjale kohesje grut. De minsken soargje foar elkoar by sykte. Dokter Tesfa is in hiele sosjale frou. Har rol is folle grutter as allinne mar wurkjouwer. Dêr kinne wy hjir noch wat fan leare.’

*Wat wie in útdaging?*

‘Ik kom dêr fan út myn deskundichheid en sjoch dus ek alle ferbetterpunten. De kij steane bygelyks dei en nacht binnen op in betonnen flier wêr’t se yn Nederlân striede of rubbermatten ha. It freget in protte takt om sokke saken besprekber te meitsjen mei in oare kultuer en de ûndernimmer is sels feedokter.’

*Wurdt der yn Ethiopië in protte suvel konsumearre?*

De measte minsken hearre ta de Ethiopyske ortodokse tsjerke en ite dêrom in grut part fan it jier gjin suvel. It is dêrom needsaak dat suvelprodukten lang hâldber binne. Wat befolking oanbelanget konsumearje Ethiopiers mar 19 kilo suvelprodukten it jier de man. As fergeliking : de Wereldgezondheidsorganisaasje advisearret 175 kilo de persoan it jier. Der sit dus noch wol groei yn’e merk. Ik murk sels ek dat der noch in bytsje suvel te keap is. Ik nim op reis altyd myn eigen Brinta mei, mar sels yn it hotel wie it dreech om oan molke te kommen.’

*Ha jo fierder noch wat fan it lân sjoen?*

Under de autoritten tusken Addis Abeba en Naqamte. Fan de haadstêd ôf leit de buorkerij op sa’n 330 kilometer yn westlike rjochting. Dêr dochst goed sân oeren oer. Dat jout dy wol in idee fan hoe’t dy dyk der út sjocht, mar it lânskip is prachtich. By de dyk lâns sjochst konstant minsken rinnen: lange, smelle, steatige froulju en heal-nomaden mei keppels fee. Ek bidlers, want de earmoede is ôfgrysluk. Wat my ek opfoel is dat hast nimmen rookt. Wy hienen it gelok dat der yn dizze perioade in bysûnder religieus feest wie: Epifanie. Yn Ethiopië is dat it feest fan de iepenbiering, de doop fan Johannes. Wy seagen lange prosesjes fan minsken yn

prachtige, kleurde klean dy't dûnsen en muzyk makken. Dat wie hiel moai en bysûnder om te sjen.'

*Krijt dit projekt in ferfolch?*

'Dat hinget der fanôf wat de ynvesteardersgroep beslút. As it trochgiet, kin it wêze dat ik der noch in kear hinne gear.'